



Jierrekken 2025



YNHÂLDSOPJEFTE	pagina
Ferantwurding	3
Algemeine ynformaasje	4
Ferslach fan it bestjoer	5
Ferslach fan de Ried fan Tafersjoch	17
Jierrekken 2025	19
Balâns op 31 desimber 2025	20
Steat fan Baten en Lêsten oer 2025	22
Kasstream oersjoch 2025	23
Taljochting op de balâns op 31 desimber 2025	24
Wet Normering Topynkommens	28
Oare gegevens	29
Kontrôleferklearring fan de ûnôfhinklike akkountant	30

FERANTWURDING

ALGEMIENE YNFORMAASJE

1. Misje, kearntaken en organisaasjestruktuer

1.1. Misje

Sûnt har oprjochting yn 1938 set de Fryske Akademy him yn foar it fûneminteele en tapast wittenskiplike ûndersyk nei de Fryske taal, skiednis en kultuer. Al 87 jier lang is dizze opdracht, dy 't de Fryske mienskip it ynstitút by de stichting mei jûn hat, noch altyd liedend. It is de taak fan de ûndersikers fan de Fryske Akademy de dynamyk fan taal en fan sosjale en histoaryske prosessen te analysearjen. Dat dogge wy troch ûndersyk te dwaan nei de Fryske taal, meartaligens, taallearen en it ferline fan Fryslân. De Fryske Akademy makket it skreaune, sprutsen en histoarysk erfgoed tagonklik foar wittenskip en maatskippij. Troch langrinnende prosessen oangeande taalfariaasje en -winning, meartaligens, kulturele eigenheid en identiteitsfoarming te ferklearjen, ûntstiet in better begryp fan it ferskaat fan minsklike ynteraksjes binnen in spesifike regionale kontekst. De Fryske Akademy bliuwt stevich yn de regio ferankere en dielt har kennis mei tal fan wittenskiplike ynstellingen en maatskiplike partijen yn binnen- en bûtenlân.

1.2. Kearntaken

De wichtichste taak fan de Fryske Akademy is it dwaan fan fûneminteele wittenskiplike ûndersyk op de fakgebieten taalkunde, sosjolingwistyk, leksikografy, meartaligens en taallearen, minderheidstalen, it Ald-Frysk en de skiednis en it erfgoed fan de midsiuwen, de iermoderne tiid, de nijste tiid en de ynteraksje mei it lânskip. Yn dat ûndersyk spilet de ICT en de ûntwikkeling fan digitale helpmiddels en kolleksjes in hieltyd wichtiger rol. Yn it ferlingde hjirfan kinne de neikommende kearntaken ûnderskieden wurde:

- Aktive dielnimming oan it ynternasjonale wittenskiplike debat troch it leverjen fan heechwaardige publikaasjes en dielname oan kongressen en symposia.
- Bydrage oan it behâld en it befoarderjen fan it Frysk as twadde rykstaal.
- Kennis sammelje en ûntwikkelje en kennisdieling oangeande de Fryske taal, kultuer en skiednis foar maatskiplike partijen.
- It starten en oangean fan gearwurkingsferbannen mei regionale kennisynstellingen en mei universiteiten en ûndersyksynstituten yn sawol binnen- as bûtenlân.
- It ûntwikkeljen fan gearwurkingsferbannen mei oerheden yn regio's mei in minderheidstalenproblematyk.
- It dwaan fan opdrachtûndersyk foar de ûntwikkeling fan regionaal- en Europeesk oerheidsbelied.
- It oanlizzen en ûnderhâlden fan digitale kolleksjes oangeande it Frysk sprutsen en skreaune erfgoed.

1.3. Organisaasjestruktuer

De Fryske Akademy is by ministerieel beslút liearre oan de KNAW. De liëringoerienkomst slút oan op de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK) 2024-2028 tusken Ryk en Provinsje. As selsstannige stifting beskikt de Fryske Akademy oer in Ried fan Tafersjoch en ûndernimmingsried. De direkteur-bestjoerder is einferantwurdlik en hat de deistige lieding fan it ynstitút. Sy wurdt dêryn advisearre troch in management team.

De stifting Fryske Akademy hat sûnt 1-1-2008 de ANBI-status.

2. Ferslach fan it bestjoer

1. Ynlieding

Mei niget presintearje wy it jierferslach 2025 fan de Fryske Akademy. It ôfrûne jier binne de fjouwer pylders fan ús beliedsplan: profilearring, akwisyse, gearwurking en organisaasjeûntwikkeling fierder útwurke.

De profilearring komt ûnder oaren ta utering yn de 101 publikaasjes dy't we fersoarge ha, mar ek troch de erkenning dy't ús Mercator ten diel foel, de Altre Europe Award útrikt yn Udine, Italië. Dy priis is in oevrepriis foar it 40 jier lang ynsetten en ympakt meitsjen op it mêd fan kennis oer minderheidstalen en meartaligens yn Europa.

It tal unike besikers fan de websiden fan de Fryske Akademy en Mercator is útkaam op 60.000. Under ynfloed fan it Frisian Humanities kongres sprong it 4e fearnsjier mei 18.000 besikers der posityf út.

It tal lêzers op ús beide nijsbrieven leit it hiele jier op likernôch 3.400. Yn tabel 1 stiet mear oer de kommunikaasjestatistiken.

Wat de akwisyse oanbelanget helje we ús doelstelling spitigernôch net. Wol ha we aksjes útset om it yn de takomst better te dwaan. Om ús ûndersikers better ta te rieden op harren taak as projektferantwurdlike organisearje we begjin 2026 in kursus projektmanagement, dy't foar ús organisaasje op maat makke wurdt. Troch it oanlûken fan senior ûndersikers wurdt de kapasiteit foar it skriuwen fan kânsrike oanfragen befoardere. De gruttere formaasje komt ek ûnderlinge útwikseling fan ûnderfings te'n goede.

Gearwurking

Yn 2025 binne der 4 yntern finansearre projekten opstarten mei as doel om de ynterne multidisiplinêre gearwurking en ek dy mei oare nasjonale en Europeeske partners oan te heljen. Dit befoarderet de foarming fan projektkonsortia foar Europeeske fûnsen. As dit goed útfalt sil dit de kommende jierren faker opsetten wurde.

Troch de ynfolling fan de beide fakatueres foar programmakoördinator/senior ûndersiker ein 2025 hat de organisaasje ûntwikkeling in positive ympuls krigen. No kin de organisaasjestruktuer, sa as ûntwurpen by de reorganisaasje, pas echt goed útein sette. Yn ferliking mei 2024 is de formaasje op 31 desimber 2025 mei 4,65 fte tanommen.

Om de ynterne ynformaasjefoarsjenning te streamlinen is yn 2025 begûn mei de ûntwikkeling fan it yntranetplatform 'Embrace'. Yn maart 2026 wurdt it operasjoneel. Dit befoarderet de gearwurking tusken de kollega's dy't oer meardere gebouwen ferspraat sitte en regelmjittich ek op ôfstân wurkje.

Organisaasje breed is in ynterne gedrachskoade opsteld. Dit is in wichtich ynstrumint foar de sosjale feiligens binnen de organisaasje.

Foar de ûndersikers wurdt der yn de maaitiid in training 'omgang met de media' organisearre. Dit om op in noch profesjonelere wize oer te kommen.

In ynterne wurkgroep ûntwikkelet in plan foar de werynrjochting fan it Aljemint as brûsplak fan de wittenskip.

Neist boppesteande saken hat de subysdzjerelease mei provinsje Fryslân de nedige tiid ferge.

As gefolch fan de nije 'Algemene Subsidieverordening' (ASV) en de 'uitvoeringsregels Algemene Subsidieverordening' (uAsv), soe op termyn de kontinuïteit fan subsidiearre ynstellings yn 't geding komme. Nei yntensive petearen hat provinsje Fryslân de mooglikheid ta it foarmjen fan bestimmingsreserves wersteld. Dêrmei is de kontinuïteit fan ús bedriuwsfiering minder yn gefaar, en kinne wy no mei in stabyl en sûn finansjeel plaatsje 2026 yn.

Gearfetsjend kin steld wurde, dat wy dit jier trije saken berikt hawwe: it setten fan wichtige stappen yn de ûntwikkeling fan de organisaasje, it boarch stean foar finansjele stabiliteit en it leverjen fan moaie ynhâldlike resultaten. Dat is úteinlik dêr't wy it foar dogge: foar de wittenskip en foar de mienskip. As direkteur-bestjoerder bin ik der grutsk op dat wy dat as folslein team fan de Fryske Akademy realisearre hawwe. Dêrneist

bin ik der grutsk op dat wy as team groeie. Dêrmei binne wy goed op wei om ús grutte ambysje te realisearjen: dat aanst gjinien him noch ôffreget wat de Fryske Akademy docht, mar hoe't je derby behelle wêze kinne.

2. Ferslach fan it bestjoer

2.1. Algemiene ûntwikkelingen

Op wrâldnivo en ek yn de akademyske wrâld hat 2025 in ynstabyl jier west. As Fryske Akademy koenen wy ús lokkich priizje dat wy net yn de kearn fan ûntjouwings rûnom besunigings en taakdiskusjes sieten, en dat de Fryske Akademy mei oare partijen yn de frisistyk de lêste jierren sterker is komme te stean. Lykwols reitsje de ûntjouwings ek de Fryske Akademy, it draachflak foar wittenskip en de gearwurking mei oare partijen. Dat sjogge wy bygelyks werom yn de weromrinnende mooglikheden ta it mienskiplik oanlûken fan nije talinten en projekten, troch fakatuerestops en minder finansieringskânsen. Wy sjogge dêrtroch ek dat mear minsken by de Fryske Akademy oanklopje yn harren syktocht nei mooglikheden, bygelyks om in Veni- of Vidi-oanfraach yn te bêdzjen. Soks benaderje wy as in kâns.

De nasjonale en ynternasjonale ûntjouwings op it mêd fan akademyske frijheid en spesifyk de druk dêrop, hat foar de Fryske Akademy tige weardefolle petearen opsmiten oer dy akademyske frijheid, wittenskiplike ferantwurdlikheid en rolfêstensd mei partners en finansiers. Soks hat resultaat. Mei-inoar witte wy no wat akademyske frijheid wol is en wat net, wat elts syn rol en ferantwurdlikheid dêryn is, en drage wy dat ek eksplisyt mei-inoar út. De KNAW en de Provinsje Fryslân binne dêryn ús wichtichste partners.

Binnen de Provinsje Fryslân hawwe de ûntjouwings oangeande de Algemene Subsidieveroeding in wichtige rol spile en om oandacht frege. De tapassing fan de ASV hie foar de Fryske Akademy û.o. as útkomst dat der gjin bestimmingsreserves mear foarme wurde koene. De bestimmingsreserves binne foar de Fryske Akademy essinsjeel foar in sûne oanhâldende bedriuwsfiering, ûnder mear om't wy eigen risikodrager binne en om't it ynfolgen fan fakatueres yn ús fjild net altiten goed yn te plannen is, fanwegen spesjalisistyske kennis. Der binne yntinsive petearen fierd oer dit ûnderwerp, de Fryske Akademy hat meiwurke oan in evaluaasjetrajekt dêr't ús útdagingen yn meinommen binne. By it ferskinen fan dizze jierrekken kinne wy de útkomst krekt meinimme, soks mei weromwurkjende krêft oer 2025. Troch de oanpassing is it subsidearre organisaasjes tastien, om foar de positive resultaten in bestimmingsreserve te foarmjen, salang as it totaal net boppe 10% fan de lumpsumsubsydzje útkomt. Dêrmei is de kontinuïteit fan ús bedriuwsfiering better boarge. Dat betsjut konkrêet dat it resultaat oer 2025 fan € 95.690 tafoege wurdt oan dy bestimmingsreserve.

2.2 Ynterne ûntjouwings

Binnen de organisaasje is 2025 ynstutsen as in jier dêr't wy gjin grutte nije saken op poaten sette, mar rêst besykje te krêearjen troch te wurkjen oan de basis, om sa fierder útfiering te jaan oan ús beliedsplan. Hjirfoar wie it ek nedich om personele útfal en wikselingen op te fangen, wat tiid koste hat.

2.2.1 Personiele besetting

Wy ynvestearje yn de personele besetting. Nije wittenskiplike besetting is nedich troch natuerlik ferrin yn de organisaasje en om't wy sjogge dat wy mei de hjoeddeistige ambysjes kapasiteit nedich binne, bygelyks om oan akwisyse dwaan te kinnen. Ynvestearje yn koördinearjende rollen is dêrneist fan essinsjeel belang om de stappen sette te kinnen, dêr't de organisaasje ferlet fan hat: goeie oansluting tusken bedriuwsfiering en wittenskip, en dúdlike ymplementaasje fan ús ûndersyksaginda yn konkrete projekten, en goede prosessen yn in effisjinte gearwurkjende wurkflier, sadat nije projekten en oanfragen ta bloei komme. Soks om de doelen op de beliedspylde Akwisyse yn de takomst helje te kinnen. Want we ha konkludearre dat de stratezjy dy op akwisyse set is, noch net ta bloei kaam is (sjoch 2.3).

Troch útfal op skeakelfunksjes lykas ûndersyksfinansiering en gearwurking, programmakoördinaasje en HR, hawwe wy sjoen, hoe kwetsber oft wy as lytse organisaasje binne. Soks hat fuort gefolgen foar de mooglikheden ús doelen te heljen, en hat ek fuortdaliks ynfloed op 'e wittenskiplike output dy't wy generearje kinne. Soks om't de oandacht fan wittenskippers dan ferskoot nei de stypjende aktiviteiten, en sy net optimaal fasilitearre wurde yn harren kearntaak. Dat is mei de reden dat wy ynvestearre hawwe yn de basis, en dat ek yn 2026 dwaan sille, sadat wy takom jier útbouwe kinne en resultaten ferwachtsje kinne.

It resultaat fan ús wervingsynset is dat wy in nij MT-lid Koördinator Bedriuwsfiering, in tydlike ynfolling fan de MT-portefeuille Koördinator Undersyksfinansiering en Strategyske Gearwurking, dy't ek organisaasjeûntjouwing meinimt en twa nije programmakoördinatoaren – ien op Digital Humanities en ien op Taalwittenskippen, realisearre hawwe. Wy ha ek twa nije meiwurkers yn it team Mercator, en wy hawwe in oantal tydlike meiwurkers oannimme kinnen op ynterne call projekten (sjoch 2,3). Wy binne tige wiis mei dizze goede fuortsterking fan ús team. Oare fakatueres sitte yn 'e piipline en dêrmei folgje wy de strategyske personielsplanning.

Wy sjogge dat benammen fan septimber 2025 ôf ús personele besetting omheech gien is, en foar in part sil dat resultaat pas oer 2026 te sjen wêze. Op finansjeel mêd sjogge wy dúdlik dat de positive ôfwiking tusken begutting en resultaat feroarsake wurdt troch de personele kosten. Dy hawwe wy op basis fan ûnderfiningssifers opnommen yn ús prognoazes, mar de realiteit is dat it momint fan yn tsjinst treden sa no en dan letter is as dêr't wy op ynset hawwe, troch ferskate oarsaken. Boppedat, hawwe wy de lêste jierren foarsichtich begrutte. Trochdat wy in bestimmingsreserve foarmje kinne, kinne wy it begrutte jild likernôch reservearje foar personele kosten yn 2026.

2.2.2 Organisaasjeûntwikkeling

Wy hawwe yn 2025 in training folge yn Office 365, sadat wy better digitaal gearwurkje kinne. Dat hinget ek gear mei de útkomsten fan de werynrjochting, dêr't út bliken docht, dat wy wurkje kinne oan de oanwêzigenskultuer, oan it byhâlden en dielen fan aginda's en oan de berikberens fan elts. Om de ynformaasjeoarsjenning te ferbetterejn, is der in opdracht útset om in sosjaal yntranet te ûntwikkeljen. Dat sil yn 2026 syn beslach krije. In sosjaal yntranet sil helpe mei de ynterne ynformaasjeoarsjenning, de gearwurking en mei de selsredsumens fan minsken op de wurkflier. It helpt ek de kwetsberens te ferminderjen: foar ynformaasje hoege wy net mear nei in persoan, mar kinne wy nei in side. Lykwols is de bedoeling dat wy elkoar wol safolle mooglik opsykje en saken leechdromplich mei-inoar beprate. Want dat is de krêft fan gearwurking.

2.3 Projekten en Akwisysje

Wy sjogge groei yn it oantal grutte konsortiumoanfragen dêr't wy oan meidogge, en yn it oantal Europeeske of ynternasjonale projektoanfragen, mar in ôfname yn it oantal lytse oanfragen. Gearfetsjend is de trend dat it oantal yntsjinne oanfragen totaal ôfnimt, mar dat it netto oanfraachbedrach stabyl bliuwt.

Wy sjogge ek dat wy faker fûn wurde troch minsken dy't in plak sykje om in Veni- of Vidi-oanfraach yn te bêdzjen, of dy't in iepen sollisitaasje of projektútstel ynstjinje. Dat is in positive tendins dy't wy graach trochsette wolle, en dêr't wy dúdlik mei bouwe oan ús missy om oer in pear jier bekender te wêzen foar wat we dogge.

Nettsjinsteande de groei yn de grutte oanfragen - yn 2025 hawwe wy in rekôrtak fan 6 EU oanfragen (Horizon en Erasmus+) yntsjinne – en de Veni-en Vidi-garânsjes, is gjin fan de oanfragen takend. It is dúdlik dat de drok op de beskikbere middels tanommen is, en dat de slaggingskâns hurd weromrint. Dat hat net mei kwaliteit te meitsjen, want de útstellen krije stik foar stik goede beoardielingen. It betsjut wol dat it wichtich is om ús finansieringskanalen oanhâldend te diversifisearjen.

Ien fan de wizen dêr't wy dat op besykje te dwaan, is troch sels it inisjatyf te nimmen mei *matching, calls* en yn (bilaterale) gearwurking. Dit jier hawwy wy sadwaande in ynterne *call* útset, sadat ús wittenskippers plannen yntsjinje koene, dy't foldogge oan in oantal winske kritearia: ynterne ynterdissiplinêre en yntergenerasjonele gearwurking, eksterne gearwurking mei oare partijen as *matching*, mei-inoar tawurkje nei in ferfolchoanfraach. Der rinne op dit stuit fjouwer projekten, dêr't ien spesifyk fan rjochte is op de gearwurking mei Dútske Fryske partners.

Op dit stuit ynvestearje wy ek fia oare rûtes yn gearwurking mei nije partners en bewannelje wy nije finansieringskanalen. Dat betsjut, dat wy goed ynvestearje yn ús netwurk, ús ynterdissiplinêre aginda en yn it ferkennen fan nije kânsen foar de takomst, in needsaak om steviger yn de akwisysje te kommen yn de kommende perioade. De ynvestearring yn nij talint sil dêr grif ek by helpe.

De akwisysjedoelstellingen dy't wy foar oan de ein fan de beliedsperioade steld hawwe, binne tige ambisjeus en wy moatte fêststelle dat se mei de hjoeddeistige tendins (noch) net te realisearjen binne.

Foar in part hat dat mei de neamde eksterne faktoaren te krijen (slachingskânsen). Mar foar in wichtich part hat it ek mei de ynterne omstannichheden te krijen wêrtroch ús akwisystrategy noch net sa fan de grûn kaam is as dêr't wy op ynset hawwe. Wy ha ûnderfûn, dat wy op dit mêd kwa personiele ynset kwetsber binne, en dat wy hjir fierdere ynvestearrings nedich binne. Us ferwachtings moat wy dan ek bystelle: as wy no ynvestearje yn minsken en yn oanfragen, dan sille wy yn 2027 noch net op it winske akwisyjenivo sitte, mar bouwe wy wol oan ús akwisyjekapasiteit foar de langere termyn. Dit hat de kommende perioade ús omtinken. Wy sette yn op it stimulearjen fan ús wittenskippers om oanfragen te dwaan, en net-wittenskiplike taken mear by stypjende stêf te lizzen sadat der romte ûntstiet.

Wat net ûnbeneamd bliuwe mei is, de trijejierrige Conference on Frisian Humanities, dy't yn 2025 plakhân hat foar it earst is dizze konferinsje mei sawol Frykse, as ek mei Dútsk Fryske partners organisearre. Dat lit sjen dat dy gearwurking better is as ea en dat wy dêrmei oan ús eigen en de provinsjale doelstellings bydrage. It sil grif ek in bydrage levere hawwe oan it oantal *views* op social media. Tagelyk is de oare kant, dat it in soad enerzjy en omtinken frege hat fan de wittenskiplike stêf

In oare ûntwikkeling dy't sichtber is yn de sifers, is it ôfrinnen fan de Ympulsprojekten. Dy projekten, dy't as aparte bydrage finansiere binne troch de Provinsje Fryslân, binne ein 2025 oplevere en ek finansjeel ôfsletten. Dêrmei komt in ein oan in perioade fan seis jier, wêrby't wy yn totaal €1.000.000 ynvestearre hawwe kinnen yn projektûntwikkeling en persoaniel. Dy akwisyse- en projektpost falt fuort. Ien fan de doelstellings fan de ympulsprojekten wie om nije talinten oan te lûken, en mei't dat guon meiwurkers op de ympulsprojekten yntusken yn fêste tsjinst binne, sjogge wy dat yn de personiele kosten. Wat de projekten ús opsmiten hat, is net inkeld yn sifers út te drukken. It is te sjen yn de algemiene stân fan saken by de Fryske Akademy en nij betrouwen yn de lêste jierren. Fierder hat it bydroegen oan de hjoeddeistige ûndersyksagenda, de ûndersyksynfrastruktuer, it personielsbestân en gearwurkingen mei oare partijen en yntern. Dêrmei komt der in symboalysk ein oan in wichtige perioade, dy't yn febrewaris 2026 markearre wurdt troch in presintaasje fan de ûndersiken troch de ûndersikers sels foar Steateleden.

2.4 Kommúnikaasjestatistiken


	fj 1	fj 2	fj 3	fj 4	Totaal 2025
Mercator					
Unique visitors	2.638	3.091	2.914	4072	12.715
Unique pageviews	3.952	4.507	4.447	5730	18.636
LinkedIn	761	783	872	954	3.370
Facebook	1.742	1.744	1.742	1735	6.963
Instagram	161	168	172	190	691
Totaal socials Mercator	2.664	2.695	2.786	2.879	11.024
Nijsbrief Mercator	2.100	2.100	2.072	2076	-
Fryske Akademy					
Unique visitors	6.875	12.671	11.833	12040	43.419
Unique pageviews	13.007	21.580	20.581	22557	77.725
LinkedIn	1.573	1.602	1.641	1724	6.540
Facebook	1.342	1.337	1.343	1355	5.377
Instagram	258	272	311	383	1.224
Totaal socials Fryske Akademy algemien	3.173	3.211	3.295	3.462	13.141
Nijsbrief Fryske Akademy	1.249	1.269	1.278	1311	-
Frisian Humanities					
Unique visitors	576	434	1.014	1853	3.877
Unique pageviews	1.232	874	2.036	3501	7.643
Gearfetting Fryske Akademy + Mercator					
Totaal unique visitors	10.089	16.196	15.761	17.965	60.011
Totaal Unique pageviews	18.191	26.961	27.064	31.788	104.004
Totaal socials	5.837	5.906	6.081	6.341	24.165
Totaal nijsbrieven	3.349	3.369	3.350	3.387	-

Tabel 1 Websiden en social media besiten

2.5 Projekten en resultaten output


Publikaasjes

Yn totaal binne der 101 publikaasjes realisearre troch de (gast)ûndersikers dy't oan de Fryske Akademy ferbûn binne, wêrûnder 71 wittenskiplike en 30 publyksrjochte bydragen. As wy nei Figuer 1 sjogge, dan is der neffens de foargeande trije jier sprake fan konsistinsje; mei dit jier in lichte groei fan de wittenskiplike output en in lytse delgong yn de maatskiplike output.



Figuer 1: publikaasjes Fryske Akademy oer 2022-2025

It oandiel *peer-reviewed* publikaasjes hat wol in opmerklike delgong. Dy delgong kin mooglik ferklearre wurde troch Figuer 2, dat sjen lit dat fan de totale output it grutste part út publikaasjes yn wittenskiplike, profesjonele en publyksfreonlike tydskrifterigen bestiet, folge troch wittenskiplike bondelbydragen, monografyen en ûndersyksrapporten. De profesjonele en publyksfreonlike tydskriften, monografyen en ûndersyksrapporten binne nammentlik faak net *peer-reviewed*.



Figuer 2: soarten publikaasjes Fryske Akademy oer 2025

Dêrneist set de positive ûntwikkeling oangeande *iepen access*-publikaasjes troch. It persintaazje kosteleas tagonklike online publikaasjes leit dit jier op 50%. Dêrneist wurdt 10% fan de output op basis fan fierdere ôfspraken mei útjouwers op in letter momint iepen access oanbean.

As de ûndersyks-output ôfset wurdt tsjin it trochsneed tal fte (wittenskiplik en stypjend wittenskiplik persoan) yn 2025, dan kinne wy konkludearje dat der per fte yn trochsneed fjouwer publikaasjes útbrocht binne, dêr't yn

trochsneed 1 peer-reviewed artikel fan is. Dêrmei hawwe wy ús ambysje fan yn trochsneed trije publikaasjes de fte realisearre.

Aktiviteiten

It ôfrûne jier hawwe meiwurkers fan de Fryske Akademy yn totaal dielnaam oan 279 aktiviteiten. Dy aktiviteiten ha in ferskaat oan wittenskiplike en maatskiplike relevânsje, sa't yn Figuer 3 te sjen is.



Figuer 3: Soarten aktiviteiten fan Fryske Akademy meiwurkers

De klam lei yn it ôfrûne jier foar in grut part op wittenskiplike lêzingen en presintaasjes. Yn novimber hie nammentlik it suksesfolle Conference on Frisian Humanities (Ljouwert) plak mei mear as 70 paper- en posterpresintaasjes fan ûndersikers út binnen- en bûtenlân. Oer it generaal hie it kongres alle dagen yn trochsneed 80 besikers. Neist it mei-organisearjen fan it kongres, wie de Fryske Akademy boppedat goed fertsjintwurdige yn it oandiel oan wittenskiplike foardrachten en posterpresintaasjes.



Figuer 4: Geografysk berik fan aktiviteiten fan Fryske Akademy meiwurkers

Us 87 op it publyk rjochte aktiviteiten fan dit jier wjerspegelje ek de brede oanpak om de Fryske Akademy bliuwend maatskiplik te ferankerjen yn Fryslân en dêrbûten, sjoch ek Figuer 4. In soad fan de nasjonale,

regionale en lokale eveneminten rûnen útien fan filmfertoaningen, boekpresintaasjes, publykslêzingen, kursussen en it Weekend van de Wetenschap dat yn oktober yn Ljouwert plakhân hat.

2.6. Finansjele ûntwikkeling

It boekjier 2025 is útkaaam op in posityf eksploitaasje-resultaat fan € 95.690. Yn de begrutting hâlde wy noch rekken mei in ferlies fan € 42.700, sadat it eksploitaasjesaldo úteinlik € 138.390 heger útfallen is.

	Realisaasje	Begrutting	Ofwiking
Baten	4.106.612	4.192.200	-85.589
Lêsten, ynklusyf finansjele baten/lêsten	-4.010.922	-4.234.900	223.979
Eksploitaasjeresultaat	95.690	- 42.700	138.390

2.6.1 Analyze ôfwikingen tusken realisaasje en begrutting

Baten

De totale baten binne € 85.589 leger as it budzjet.

Foar it grutste part komt dat troch € 112.887 oan legere opbringst foar ekstern finansierre ûndersyksprojekten. Yn de post 'oare opbringsten' sit € 11.888 oan ûntfongen legaten ferwurke. Oan beide legaten, € 7.000 en € 4.888 binne gjin betingsten ferbûn. Op basis fan in skinkingsoerienkomst is it totaal skonken oan stichting Frysk Akademy fûns.

De legere projekttopbringst hat meardere oarsaken. Troch de gruttere kompetysje yn de krimpjende subsydzje-programma's, sakket it slagingspersintaazje fan de fûnswerving. Wannear't eksterne projektjilden wol ynhelle wurde, bliuwe yn de hjoeddeistige arbeidsmerk fakatueren langer iepenstean. De legere opbringst oan eksterne projektjilden hat gjin direkte finansjele risiko's, mar is in beheining foar it realisearjen fan ús wittenskiplike ambysjes.

Lêsten

De totale lêsten binne € 223.979 leger as begrutte. De personiëlskosten bliuwe € 220.101 efter by de begrutting.

De materiële kosten binne € 11.447 heger útfallen en de finansjele baten en lêsten binne € 15.325 positiver as ferwachte. De skinking fan de legaten oan stichting Frysk Akademy Fûns hawwe in ferhegjend effekt fan € 11.888 op de materiele kosten.

De totale personiëlskosten bliuwe € 220.101 efter by de begrutting. Diels komt dat troch de projektfakatueren, mar ek troch de formaasje dy't út de lumpsum finansiere wurdt. Op grûn fan ús ambysjes út de ûndersyksaginda binne yn de begrutting meardere fakatueren opnommen. Troch de drege arbeidsmerk hat de ynfolling langer duorre as ferwachte. Pas yn de lêste moannen hawwe wy de lêste iepensteande funksjes ynfolje kinnen. Nettsjinsteande dat soks te let wie om de fakatuereromte yn te rinnen, binne wy ynnommen mei it feit dat it ús slagge is om ús wittenskiplike formaasje út te wreidzjen. Dat jout op termyn perspektyf om mear ekstern finansiere ûndersyksprojekten te generearjen.

Materiële kosten	Realisaasje 2025	Begrutting boekjier 2025	ferskil realisaasje - begrutting
	€	€	€
16) Ofskriuwingen	51.251	57.000	-5.749
17) Húsfestingskosten	218.811	190.200	28.611
18) Behearskosten	120.604	106.000	14.604
19) Kosten ynventaris en apparatuer	104.909	95.000	9.909
20) Reis- en ferbliuwkosten	145.524	134.400	11.124
21) Advyskosten	96.164	55.000	41.164
22) Oare kosten oan treden	67.469	59.000	8.469
23) Oare materiële kosten	1.716	98.400	-96.684
Totale materiële kosten	806.448	795.000	11.448

De ôfskriuwingen binne te heech yn it budzjet opnommen.

De húsfestingskosten binne heger útfallen. De yn 2024 foarme bestimmingsreserve fan € 60.000 foar ûnderhâld bea de mooglikheid om wat mear needsaaklik ûnderhâld út te fieren. In bedrach fan € 28.289, wurdt yn de resultaatsbestimming as lêst fan it bestimmingsfûns (grut) ûnderhâld brocht. Dit bestimmingsfûns is yn 2024 foarme út it positive eksploitaasjeresultaat 2023.

Foar de enerzjykosten is € 72.000 budzjetarre en de realisaasje hat € 46.000 west.

Troch de algehiele priisûntwikkeling binne de ûnderhâldskontrakten, de ûnreplikguodbelêsting en ferskate oare posten heger útfallen. Uteinlik kamen de húsfestingkosten € 28.611 heger út.

De behearskosten binne € 14.604 heger as begrutte. Neist de kosten fan in mediatraining foar meiwurkers binne der ferskate lytsere posten, lykas frankearkosten, abonneminten en kontribúsjes en drukwurk fan tydskriften djoerder útfallen.

De kosten foar ynventaris en apparatuer binne € 9.909 heger as begrutte. De reguliere kosten binne heger om't benammen de ûnderhâldspost hard- en software tanommen is.

De post reis- en ferbliuwkosten bestiet út meardere eleminten. Lykas kongressen, sympoasia en represintaasjekosten. De realisaasje is bot ôfhinklik fan de aktiviteiten binnen de projekten en de planning dy't by it opstellen fan de begrutting net definityf binne. Yn 2025 is mei € 11.124 oer it budzjet hinne gien. Dat hie benammen mei de Conference on Frisian Humanities te krijen.

De advyskosten binne € 41.164 heger as begrutte. Yn 2025 binne de kontrôles op de ympulsprojekten en it Mercatorprojekt ôfsletten wat ta hegere akkountantskosten laat hat. Derneist sit yn dizze post advyskosten ek in post 'juridyske advyskosten', dizze advyskosten wurde ferantwurde foar advys yn ferbân mei arbeidsrjochtlike advizen en op de post 'advyskosten' mei de strategyske personielsplanning en stipe by HRM advizen.

De post 'ferskate kosten oan treden' is € 8.469 heger as de begrutting. Dat komt ûnder oare troch in hegere bydrage oan de jierlikse Fedde Schurerlêzing.

Yn de begrutting is € 98.400 opnommen foar 'oare materiële kosten'. Dat binne kosten dy't foar projekten makke wurde sille, mar dêr't noch net dúdlik fan is yn hokker kostepost se presys útkomme sille. Om't dat by de realisaasje dúdlik wurdt, ûntstean derby de realisaasje ferskowingen.

2.6.2 Risikoparagraaf

Grut ûnderhâld gebouwen

Sûnt begjin jierren 2000 bedraacht it jierliks budzjet foar it ûnderhâld fan gebouwen € 40.000. Dat bedrach wurdt beskikber steld troch de Ryksoerheid en Provinsje Fryslân en is yn nau oerlis mei de Fryske Akademy yn behear by de ôfdieling ûnreplikguod fan de KNAW. Ut dat budzjet wurde ûnderhâldskontrakten fan ynstallaazjes, NEN-keuringen, Monumintewacht ynspeksjerapporten, skilderwurk en lytsere reparaaesjes betelle. Troch priisûntwikkelingen is dit budzjet foar regulier net langer tarikkend. Dan binne takomstige ferfangings-ynvestearringen noch net meirekkene.

Yn 2024 is in NEN 2767 kondysjemjitting fan de gebouwen en de ynstallaasjes útfierd. Ut dy ynspeksje hat bliken dien dat we oant 2035 € 976.000 ynvestearje moatte om de gebouwen en ynstallaasjes yn de hjoeddeiske steat te hâlden.

Dêr komme de jierlikse ûnderhâldskontrakten en korrektyf ûnderhâld noch oerhinne. It is de ferwachting dat de trochsneed jierlikse ûnderhâldskosten mei-inoar € 120.000 bedrage sille.

Mei dy ûnderbouwing sille wy foar takomstich ûnderhâld en ferfanging fan gebouwen en ynstallaasjes – ûnder oaren ferwaarming- en wtw-units, sinneskerms, elektryske ynstallaasje, liften, ynbraakalarm, brânmeldsintrale enfsh.- út de jierlikse middels in bestimmingsreserve foarmje. Dit risiko is foar ien kear ferlytse troch út it eksploitaasjeresultaat 2023 € 60.000 oan te wizen foar ûnderhâld/grut ûnderhâld.

Yn febrewaris 2026 is de provinsjale feroardering oanpast wêrtroch't it mooglik wurdt om jierliks foar maksimaal 10% fan de lumpsumsubydzjes in bestimmingsreserve te foarmjen. Dêrmei is it risiko ôfnommen, mar op termyn wurde strukturele kosten dan noch hieltyd finansiere út ynsidintele positive eksploitaasjeresultaten. Wy riede ús der op ta om dêr in strukturele oplossing foar te finen.

Oanhâlden fan likide middels

It deposito garânsjestelsel fan de Nederlandsche Bank jout in wetlike beskerming foar bedraggen dy't by Nederlânske banken oanhâlden wurde. It maksimum is € 100.000 de bank. De Fryske Akademy hat bankrekkeningen by de Rabobank en de ING. Mocht in bank yn finansjele swierrichheden komme dan binne saldo's boppe de € 100.000 net garandearre. Om't ús banksaldo's dêrboppe útkomme, rinne we in teoretysk risiko.

Priisûntwikkelingen en yndeksearring

De geopolitike spanningen yn 'e wrâld soargje foar de nedige ûnwissichheden op ûnderskate flakken. Yn kombinaasje mei klimaatferoarings en de enerzjytransysje hat dit effekt op de ekonomyske foarútsjoggen. Wannear't ek de takomstige priisstigingen net folslein kompensearre wurde, sil dat op 't lêst ta skea wêze fan in lytsere formaasje. Om dat foar te wêzen, wurdt socht nei wizen om de ynkomen te ferheegjen en de strukturele kosten te ferleegjen.

Cyber security

Yn it hjoeddeiske digitale klimaat is der in reële kâns op ynbraak en hacks yn it systeem fan de Fryske Akademy. Tegearre mei de KNAW wurdt hjir aktyf op ynset met ekstra digitale feiligens op ICT gebiet en kommunikaasje nei de wurknimmers om alert te wêzen op û.o. phishing.

Konkurrinsje by it binnenheljen fan ekstern finansiere ûndersyksopdrachten

It slaggingspersintaazje fan kompetitive subydzjeprogramma's is leech. Somtiden tusken de 5 en 20%. Troch de oankundige besuningings fan de lânlike oerheid op ûnderwiis en wittenskippen, sil dit risiko de kommende jierren tanimme. Yn 'e mande mei ferskate fan ús gearwurkingspartners foarmje wy konsortia om de kâns fan slagjen te fergrutsjen. It ynsetten fan ynterne *calls* om (ynternasjonale) projektûntwikkeling te befoarderjen sil part wêze fan de strategy yn 2025 om ek yn dat jier it tal oanfragen op peil te hâlden om sadwaande ús doelstellingen te heljen.

2.7. Finansjele kengetallen

Dizze kengetallen jouwe ynsjoch yn de ûntwikkelingen fan de balânsferhâlding.

Solvabiliteit

De solvabiliteit is de ferhâlding tusken it eigen fermogen en it frjemd fermogen. It jout ynsjoch yn de finansieringsopbou en yn hoefier't de Fryske Akademy op langere termyn oan har ferplichtingen foldwaan kin. Dit is in wichtige yndikator foar de kontinuïteit fan in organisaasje

	31-12-2025	31-12-2024
Eigen fermogen	1.287.591	1.191.901
Totaal fermogen	2.882.978	2.991.979
Solvabiliteit	44,7%	39,8%

De solvabiliteit is ûnder ynfloed fan in posityf eksploitaasjeresultaat oprûn.

De ûndergrins fan de solvabiliteit is, neffens de kommisje Don (Finansjeel belied fan ûnderwiisinstellings, septimber 2009), 20%. De Fryske Akademy foldocht oan dizze noarm.

Rentabiliteit

Rentabiliteit is de ferhâlding tusken it ynkommen (winst) en it fermogen dêr't dit ynkommen mei fertsjinne is. De rentabiliteit is in wichtige mjitstêf foar beslissingskalkulaasjes op 'e lange termyn.

	31-12-2025	31-12-2024
Eksploitaasjeresultaat	95.690	-178.646
Totaal fermogen	2.882.978	2.991.979
Rentabiliteit	3,3%	-6,0%

Rentabiliteit fan de gewoane bedriuwsfiering is definiearre as it eksploitaasjeresultaat út bedriuwsfiering dield troch it fermogen. De KNAW-noarm giet út fan in ferhâlding tusken de -3% en 3%. As de rentabiliteit oer meardere jierren leger útkomt as -3% dan is de finansjele bedriuwsfiering nei alle gedachten net op oarder en oarsom by in mearjierrige rentabiliteit boppe de 3% is der sprake fan ûnderbesteging.

Likwiditeit

De likwiditeit jout oan hoe goed oft de Fryske Akademy op koarte termyn by steat is om oan har finansjele ferplichtingen te foldwaan. It giet om finansjele ferplichtingen dy't binnen in jier op te easkjen binne. De likwiditeit wurdt bepaald troch de likide aktiva te dielen troch de koartrinnende skulden.

	31-12-2025	31-12-2024
Likide middelen	1.155.648	685.150
Foarderingen	126.358	73.449
Flottende aktiva	1.282.006	758.599
Koartrinnende skulden	981.760	1.116.360
Ferhâlding likide aktiva/ koartrinnende skulden	1,3	0,68

De kommisje Don hantearret as ûndergrins 0,5 en as boppegrins 1,5. De Fryske Akademy falt ûnder dizze noarm. Dat betsjut dat de likwiditeitsposysje ultimo 2025 foldwaande is.

Wjerstânsfermogen

It wjerstânsfermogen jout it fermogen oan fan de Fryske Akademy om finansjele risiko's op te fangen. It jout feitlik oan hoelang oft de Fryske Akademy fuortbestean kin op de reserves as ynkkomsten útbliuwe. It wjerstânsfermogen wurdt útdrukt yn it eigen fermogen (frije reserves) as persintaazje fan de totale baten út gewoane bedriuwútoefening.

	31-12-2025	31-12-2024
Eigen fermogen	1.287.591	1.191.901
Bestimde/beklamme reserves	276.875	216.875
Wjerstânsfermogen/ frije reserves	1.010.716	975.026
Baten normale bedriuwsfiering	4.106.611	5.576.865
Wjerstânsfermogen	24,6%	17,5%

De KNAW hantearret as bufferfunksje foar it eigen fermogen in persintaazje fan 10 -15% fan 'e jieromset. NB. By de bepaling fan it wjerstânsfermogen is gjin rekken holden mei de fermogensposysje fan it Frysk Akademy Fûns.

3. Ferslach Ried fan Tafersjoch

De Ried fan Tafersjoch is, yn it ferslachjier 2025 4 kear gearkommen yn 'e reguliere fergaderfrekwinsje. Underwerpen by dy gearkomsten wiene ûndermear de jierrekken 2024, de tarieding fan it jierliks Tripartite oerlis mei de Provinsje en de KNAW, de akwisystrategie, de evaluaasje fan de algemiene subsydzje feroardering mei de Provinsje, de mearjierrebegrutting, de governancestruktuer mei it FAF mar foaral ek de gearstalling fan de Ried fan Tafersjoch dêr't dit jier 2 leden ôftrede. Foar sawol it lid mei wittenskiplike eftergrûn as ek foar de foarsittersposysje moast dit jier in fakatuere steld wurde. Mei yngong fan maaie 2025 is de Fryske Akademy filosoof en wittenskipshistoarikus Keimpe Algra ynstallearre as nij lid mei in wittenskiplik profyl. Fan ôf novimber fan 2025 waard de fakatuere foar in nije foarsitter útset en op it momint fan skriuwen is Wim Kleinhuis as nije foarsitter en Gytha A. Postma as nij lid beneamd.

Dêrneist is der ferskate kearen oerlis west binnen en tusken de kommisjes en de DB. De auditkommisje kaam 3 kear by inoar, de remuneraasjekommisje ien kear en foar de selsevaluaasje fan de Rie kaam de folsleine Rie fan Tafersjoch ek noch in ekstra kear by inoar. De wittenskipskommisje kaam net apart by inoar.

Mei sawol de ûndernimmingsried fan de Fryske Akademy as mei it Frysk Akademy Fûns bestjoer hie de Rie fan Tafersjoch in jierliks ûnderhâld. Fanút de Rie fan Tafersjoch is der inisearre om mei yngong fan 2026 jierliks mei de folsleine Rie en it Frysk Akademy Fûns te sitten.

It jierliks Tripartite oerlis tusken KNAW, Provinsje en de Fryske Akademy wie yn jannewaris fan 2025 en lykas ferline jier wie dit in konstruktif petear, wêryn't ek mei de KNAW ôfsprutsen waard wat faker mei elkoar yn in ynformele setting om tafel te gean om saken út te wikselen.

Mei it each op de oanbefellings fanút de SEP evaluaasje fan 2025 en de aksjes foar de organisaasje dy't dêrom freegje, komt de bedriuwsfiering op in punt dat it hjir en dêr mooglik ek freget om in oare organisaasjestruktuer om bepaalde doelen helje te kinnen en om Direkteur Bestjoerder fierder te stypjen yn it bestoerlik foarút bringen fan de organisaasje. Ek hjir is tidens de gearkomsten tiid en romte foar om mei inoar fan gedachten te wikselen en de Direkteur Bestjoerder fan advys te tsjinjen.

Yn septimber fan dit jier waard de Dies Natalis op 12 septimber fierd. Der waarden wer nije leden beneamd en der wie tiid foar moaie petearen en it moetsjen fan mekoar.

We sjogge tefreden werom op 2025. Yn de perioade fan it hjoeddeistich beliedsplan 22-27 is it nedige úteinset, dêr't oan wurke wurdt en wat gruttendiels ek oan de ôfrûnjende fase begjinne kin. We sette yn 2026 yn op it oanlûken fan nij talint mei de iepensteande fakatueres. De drege arbeidsmerke freget om kreative middels om nije minsken oan te lûken en te hâlden mar wy tinke dat mei positive ynset fan alle belutsenen dit seker slagjen giet. Wy tankje de wurkmienskip foar har ynset en winksje harren in fruchtber en wurksum nijjier ta.

De gearstalling fan de Ried fan Tafersjoch yn 2025 :

Namme	fan	oant	Rol binnen RfT	Nevenfunksjes
De hear Seerp Leistra	05/2017	01/ 2026	Foarsitter	<ul style="list-style-type: none"> • Voorzitter RvT Cosis • Voorzitter Bestuur Museum Belvédère • Voorzitter Aurora Festival • Lid RvT Openbaar Onderwijs Groningen • Lid RvT LF 2028/ Arcadia • Lid Bestuur St. Beringer Hazewinkel • Honorair consul Hongarije
De hear Wim Kleinhuis	06/2020	06/2028	Auditkommisje	<ul style="list-style-type: none"> • Foarsitter RfT Firda
Mefrou drs. Rixt Heegsma	04/2022	04/2030	Auditkommisje	<ul style="list-style-type: none"> • Directeur-bestuurder Bibliotheken Mar en Fean, Voorzitter Cultuurplein Sudwest Fryslan • Bestuurslid Vereniging Openbare Bibliotheken
De hear Jan Don	12/2021	12/2029	Wittenskijskommisje	<ul style="list-style-type: none"> • Hoogleraar Taalwetenschap en Taalonderwijs, decaan Faculteit Cultuurwetenschappen, Open Universiteit.
Mefrou Prof. Dr. Thony Visser	05/2017	05/2025	Wittenskijskommisje	<ul style="list-style-type: none"> • geen
De hear Prof. Dr. Keimpe Algra	05/2025	09/202	Wittenskijskommisje	<ul style="list-style-type: none"> • voorzitter Raad van Advies Landelijk Orgaan Wetenschappelijke Integriteit (LOWI) • lid Landelijk Beraad Digitale Infrastructuur Social Sciences and Humanities (LBDI-SSH) • lid bestuur Stichting Platform Digitale Infrastructuur SSH (PDI-SSH) • lid bestuur C.J. de Vogel Stichting • lid redactieraad serie Philosophia Antiqua (Brill) • lid editorial board Phronesis, A journal for Ancient Philosophy (Brill)

JIERREKKEN 2025

Balâns op 31 desimber 2025

Steat fan Baten en Lêsten oer 2025

Kasstream oersjoch 2025

Taljochting op de balâns op 31 desimber 2025

BALÂNS OP 31 DESIMBER 2025

(foar ferwurkjen resultaat)

	<u>31-12-2025</u>	<u>31-12-2024</u>
	€	€
AKTYF		
FÊSTE AKTIVA		
1) Materiële fêste aktiva	1.600.971	1.642.067
2) Finansjele fêste aktiva	0	500.000
	<u>1.600.971</u>	<u>2.142.067</u>
FLOTTENDE ACTIVA		
3) Underhannen projekten	60.431	91.313
4) Foarderingen	65.928	73.449
5) Likide middels	1.155.648	685.150
	<u>1.282.007</u>	<u>849.912</u>
Totaal	<u><u>2.882.978</u></u>	<u><u>2.991.979</u></u>

	<u>31-12-2025</u>	<u>31-12-2024</u>
PASSYF	€	€
6) Eigen fermogen		
Stiftingskapitaal		
Algemeine reserve	454	454
Bestimmingsreserves	914.572	1.153.218
Bestimmingsfûnsen	215.043	215.043
Saldo eksploitaasje boekjier	61.832	1.832
	<u>95.690</u>	<u>-178.647</u>
	1.287.591	1.191.901
7) Foarsjenningen	221.627	263.719
8) Langrinnende skulden	392.000	420.000
9) Koartrinnende skulden	713.998	771.105
9a) Underhannen wurk	267.762	345.254
Totaal	<u><u>2.882.978</u></u>	<u><u>2.991.979</u></u>

STEAT FAN BATEN EN LÊSTEN OER 2025

	Realisaasje 2025	Begutting boekjier 2025	Ferskil realisaasje begutting	Realisaasje 2024
	€	€	€	€
BATEN				
10) Rijksbydrage fia provinsjefûns	1.791.700	1.791.700	0	1.733.700
11) Bydrage Provinsje Fryslân	1.397.500	1.397.500	0	1.182.642
12) Opbringst projekten	834.113	947.000	-112.887	862.804
13) Opbringst wurk foar tredde	10.723	10.000	723	48.955
14) Oare opbringsten	72.576	46.000	26.576	1.748.764
Totaal fan de baten	4.106.612	4.192.200	-85.588	5.576.865
LÊSTEN				
15) Personiele lêsten	3.196.499	3.416.600	-220.101	3.315.135
<i>Materiële kosten</i>				
16) Ofskriuwingen	51.251	57.000	-5.749	55.178
17) Húsfestingskosten	218.811	190.200	28.611	186.966
18) Behearskosten	120.604	106.000	14.604	99.331
19) Kosten ynventaris en apparatuer	104.909	95.000	9.909	122.495
20) Reis- en ferbliuwskosten	145.524	134.400	11.124	219.977
21) Advyskosten	96.164	55.000	41.164	68.799
22) Oare kosten oan tredde	67.469	59.000	8.469	1.669.386
23) Oare materiële kosten	1.716	98.400	-96.684	27.250
Totale materiële kosten	806.448	795.000	11.448	2.449.382
Totale lêsten	4.002.946	4.211.600	-208.654	5.764.518
Subtotaal baten en lêsten	103.665	-19.400	123.065	-187.653
24) Finansjele baten minus lêsten	-7.975	-23.300	15.325	9.007
Eksploitaasjeresultaat	95.690	-42.700	138.390	-178.646

KASSTREAMOERSJOCH

	<u>2025</u>	<u>2024</u>
	€	€
Eksploitaasje resultaat	95.690	-178.646
Ofskriuwingen en weardeferminderings	51.251	55.178
Mutaasje reserves	0	-1.000
Mutaasje foarsjennings	-42.092	180.435
	<u>9.159</u>	<u>234.613</u>
Feroaringen yn flottende middels		
Foarderingen	38.403	-42.269
Koartrinnende skulden	-134.599	-339.708
	<u>-96.196</u>	<u>-381.977</u>
Kasstream operasjonele aktiviteiten	8.653	-326.012
Ynvestearrings materiële fêste aktiva	-10.155	-31.220
Ynvestearrings finansjele fêste aktiva	500.000	-500.000
Desynvestearring yn materiële fêste aktiva	0	0
Kasstream út ynvestearringsaktiviteiten	489.845	-531.220
Lieningen	-28.000	-28.000
Kasstream út finansieringsaktiviteiten	-28.000	-28.000
Netto kasstream	<u>470.498</u>	<u>-885.231</u>
Mutaasje likide middels		
Stân op 1 jannewaris	685.150	1.570.381
Stân op 31 desimber	1.155.648	685.150
	<u>470.498</u>	<u>-885.231</u>

TALJOCHTING OP DE BALÂNS OP 31 DESIMBER 2025

AKTIVITEITEN

De Stifting Fryske Akademy hat as doel it yn stân hâlden fan in wurkmienskip, die't him taleit op it beoefenjen fan de wittenskip dy't mei Fryslân, it Fryske folk en syn kultuer in al har uteringen, en soks yn de romste sin, ferbûn is. De finansjele middels wurde jûn troch de Minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskippen fia it provinsjefûns en troch it Kolleezje fan Deputearre Steaten fan de provinsje Fryslân. Fierder wurdt wittenskiplik ûndersyk dien dat hielendal of diels ekstern finansiere wurdt.

De Stifting Fryske Akademy hâldt kantoar op de Doelestrjitte 8, 8911 DX yn Ljouwert en is ynskreaun by it hannelsregister ûnder nûmer 41000640.

ALGEMIENE GRÛNSLAGGEN FOAR DE OPSTELLING FAN DE JIERREKKEN

Algemien

De jierrekken, opmakke de dato 20 maaie 2026 is opsteld yn oerienstimming mei de bepalingen yn de "Rjochtlinen foar de jierferslachlizzing 640 'Organisaasjes sûnder winststribjen". Aktiva en passiva wurde yn it generaal wurdearre tsjin de oanskaf- of produksjepriis of de aktuele wearde. As gjin spesifike wurdearringsgrûnslach neamt is, fynt wurdearring plak tsjin de oanskafpriis.

Ferliking mei foargeand jier

De grûnslaggen fan wurdearring en resultaatbepaling binne net feroare neffens it foargeande jier. Der hawwe har yn it ferslachjier gjin skattingswizigingen foardien.

Kontinuïteit

De kontinuïteit fan de Fryske Akademy is foar de kommende jierren garandearre. Dat is stuoille op de mearjierrenbegutting (MJB) 2025-2029, de oanwêzige likwiditeiten ultimo 2025 en de prognoazes nei 2025. De likwiditeiten ultimo 2025 binne rom € 1,1 miljoen.

De hantearre grûnslaggen fan wurdearring en resultaatbepaling binne dan ek basearre op it ferûnderstellen fan kontinuïteit fan 'e organisaasje.

Frjemde faluta

Kosten en opbringsten yn frjemde faluta wurde omrekkene tsjin de koersen op transaksjedatum. Foarderungen en skulden wurde omrekkene tsjin de koersen op balânsdatum. De hjirút resultearjende winsten en ferliezen binne yn de resultaten ferwurke.

GRÛNSLAGGEN FAN KONSOLIDAASJE

By de taljochting op de sifers fan Stifting Fryske Akademy hearre de konsolidearre sifers fan Stifting Fryske Akademy Fûns. Yn dizze konsolidaasje binne – útsein de sifers fan de stifting sels – de sifers fan Stifting Frysk Akademy Fûns behelle.

De Stifting Frysk Akademy Fûns is oprjochte op 19 juli 1968 en hat as doel it befoarderjen fan en aktivearjen ta Frysk wittenskiplik wurk yn de wiidste betsjutting, hjirûnder wurdt ek it befoarderjen fan in reedlike húsfêsting op het mêd fan gebouwen en replike saken fan persoanen en ynstânsjes dy't har mei dy taken belêste hawwe en wol mear yn it bysûnder oangeande de Stifting Fryske Akademy.

De ferbûnens fan de Stifting Frysk Akademy Fûns mei de Stifting Fryske Akademy leit yn de statuten besletten, nammentlik kêst 4 lid 1 stelt "By it ûntstean fan ien (of mear) fakatueres yn het bestjoer, sille de oerbliuwende

bestjoersleden sa gau mooglik mar uterlik binnen twa moanne nei it ûntstean fan de fakatuere in foardracht dwaan foar in nij te beneamen bestjoerslid oan de Ried fan Tafersjoch fan de Fryske Akademy, die beneamt". In bestjoerslid wurdt beneamd foar 4 jier en is nei ôfrin hieltyd wer beneamber. De basis foar de konsolidaasje is dizze beneamingsproseduere fan nije te beneamen bestjoersleden.

Yn de konsolidaasje binne dêrom de neikommende organisaasjes belutsen.

<u>Namme</u>	<u>Statutêre sit</u>	<u>Belang</u>
Fryske Akademy	Leeuwarden	100 %
Frysk Akademy Fûns	Leeuwarden	100 %

De metoade fan konsolidaasje is dy fan 'e yntegrale konsolidaasje, wêrby't ynterkompany ferhâldingen en transaksjes eliminearje wurde.

Fanwegen it bysûndere karakter fan de relaasje tusken Stifting Fryske Akademy en Stifting Frysk Akademy Fûns is lêstneamde stifting net as dielnimming neamd yn de inkeldfâldige jierrekken fan Stifting Fryske Akademy. As gefolch dêrfan is it inkeldfâldige fermogen fan Stifting Fryske Akademy net gelyk oan it konsolidearre fermogen fan de stifting.

It fermogen fan de konsolidearre jierrekken is as folgt gearstald:

	<u>2025</u>	<u>2024</u>
	€	€
Eigen vermogen Fryske Akademy	1.287.591	1.191.901
Eigen vermogen Frysk Akademy Fûns	4.449.450	4.440.288
TOTAAL	<u>5.737.041</u>	<u>5.632.189</u>

GRÛNSLAGGEN FOAR DE WURDEARRING FAN AKTIVA EN PASSIVA

Materiële fêste aktiva

De materiële fêste aktiva wurde wurdearre op oanskafpriis ûnder ôftrek fan de lineêr berekkene ôfskriuwing, bepaald op basis fan de skatte ekonomyske libbensdoer, rekken hâldende mei in mooglike restwearde. As restwearde foar de gebouwen wurdt 50% fan de WOZ-wearde hantearre. Der wurdt ôfskreaun fan it momint fan yngebrûkname ôf. Subsydzjes op ynvestearringen wurde yn mindering brocht op de oanskaf- of produksjepriis fan de aktiva dêr't subsydzjes betrekking op hawwe. Der wurdt rekken hâlden mei de bysûndere weardeferminderingen dy't op balânsdatum ferwachte wurde. Foar de fêststelling oft der sprake is fan in bysûndere weardefermindering wurdt ferwiisd nei de oanbelangjende noat.

De stifting beoardielet op elke balânsdatum oft der oanwizingen binne dat in fêst aktyf oan in bysûndere weardefermindering ûnderheve wêze kin. As sokke yndikaasjes oanwêzich binne, dan wurdt de realisearbere wearde fan it aktyf fêststeld. As it net mooglik is om de realisearbere wearde foar it yndividuele aktyf te bepalen, dan wurdt de realisearbere wearde bepaald fan de kasstream generearjende ienheid dêr't it aktyf ta heart. Fan in bysûndere weardefermindering is sprake as de boekwearde fan in aktyf heger is as de realisearbere wearde; de realisearbere wearde is de heechste fan'e opbringstwearde en de bedriuwswearde. In bysûnder weardefermindering ferlies wurdt streekrjocht as in lêst ferwurke yn de winst- en ferliesrekken ûnder lyktidige ferleging fan de boekwearde fan it oangeande aktyf.

Kosten voor grut ûnderhâld wurde aktivearre en lineêr ôfskreaun nei de ferwachte takomstige gebrûksdoer.

De hantearre ôfskriuwingspersintaazjes binne:	
Gebouwen en terreinen	0 – 2,5% (op terreinen wurdt net ôfskreaun)
Kompjûterapparatur	33,3%
Kantoarynventaris, buro's en kasten	10%
Kantoarynventaris, burostuollen	20%
Technyske apparatur	25%

Kolleksjes binne de boeken (sometiden behoarlik âld) dy't yn de bibletheek fan de Fryske Akademy steane wêrfan de wearde net betrouber fêst te stellen is, dizze post wurdt net apart presentearre en wurdearre.

Underhanden projekten

In ûnderhannen projekt yn opdracht fan treden is in projekt dat oerienkommen is mei in tredde foar de útfiering fan ûndersykwurksumheden, wêrby't de útfiering him gewoanwei oer mear as ien ferlachperiode dien wurdt. De projektopbringsten en projektkosten op grûn fan it ûnderhannen projekt wurde as opbringsten en kosten yn'e winst - en ferliesrekken nei rato fan de ferrjochte prestaasje per balânsdatum ferwurke, as it resultaat fan in ûnderhannen projekt op betroubere wize ynskat wurde kin. As it resultaat fan in ûnderhannen projekt net op betroubere wize ynskat wurde kin, wurde de opbringsten allinnich ferwurke yn de winst - en ferliesrekken ta it bedrach fan de makke projektkosten dat nei alle gedachten ferhelle wurde kin en wurde de projektkosten yn de steat fan baten en lêsten ferwurke yn de perioade wêryn't se makke binne. De tarekkene oeren wurde wurdearre tsjin de direkte leankosten. Materialen en tsjinsten fan treden wurde wurdearre tsjin ynkeappriis. Foarsjenbere ferliezen op projekten wurde yn mindering brocht op it ûnderhannen projekt. As it wierskynlik is dat de totale projektkosten de totale projektopbringsten te bûten gean sille, wurdt foar it ferwachte ferlies in foarsjenning foarme en yn mindering brocht op de post ûnderhannen projekt. Ek wurde de deklarearre terminen yn mindering brocht op de post ûnderhannen projekt. It nettobedrach per ûnderhannen projekt wurdt ferwurke as aktyf of as skuld, as it saldo fan it ûnderhannen projekt in debet-respektyflik creditstand ferstoant. Yndividuele ûnderhannen projekt debet stannen wurde as in aktyf ferwurke en yndividuele ûnderhannen projekten kreditstannen as in ferplichting.

Foarderingen

De foarderingen wurde by de earste ferwurking opnommen tsjin de reële wearde en dêrnei wurdearre tsjin de amortisearre kostpriis. De reële wearde en de amortisearre kostpriis binne gelyk oan de nominale wearde, yn ôftrek fan needsaaklik achte foarsjenningen foar ûnynberens.

Bestimmingsfûnsen

Fûnsen wurde wurdearre tsjin nominale wearde.

Foarsjenningen

In foarsjenning wurdt foarme foar ferplichtingen dêr't it wierskynlik fan is dat se ôfwikkele wurde moatte en dêr't de grutte reedlikerwize fan te skatten is. De omfang fan de foarsjenning wurdt bepaald troch de bêste skatting fan de bedraggen dy't needsaaklik binne om de oanbelangjende ferplichtingen en ferlieze per balânsdatum ôf te wikkelfjen. Foarsjennings wurde wurdearre tsjin nominale wearde.

Langrinnende skulden

Langrinnende skulden wurde by de earste ferwurking wurdearre tsjin reële wearde. Se wurde nei earste ferwurking wurdearre tsjin amortisearre kostpriis, dat is it bedrach dat ûntfongen is rekken hâldend mei agio of disagio en ûnder ôftrek fan transaksjekosten. Dit is meastentiids de nominale wearde.

Koartrinnende skulden

Foar safier't net oars sein is, binne de koartrinnende skulden wurdearre tsjin reële wearde. Koartrinnende skulden wurde by de earste ferwurking wurdearre tsjin reële wearde. Koartrinnende skulden wurde nei earste ferwurking wurdearre tsjin amortisearre kostpriis, dat is it ûntfangen bedrach rekken hâldend mei agio of disagio en ûnder ôftrek fan transaksjekosten. Dit is meastentiids de nominale wearde.

Legaten

Baten út neilittenskippen wurde ferwurke yn it ferslachjier dêr't de akte fan ferdieling, of as dy der net is, de rekken en ferantwurdig yn ûntfongen is. Eventuele foarskotten wurde ferwurke as bate sadree't dy ûntfongen binne.

GRÛNSLAGEN FOAR BEPALING FAN IT EKSPLOITAASJERESULTAAT

Algemien

Utgongspunt by it bepalen fan de resultaten is it tapassen fan it kontinuteitsbegjinsel. De baten en lêsten wurde tarekkene oan it ferslachjier, dêr't dy betrekking op hawwe, ûnôfhinklik oft sy ta ûntfangsten en útjeften yn dat ferslachjier laat hawwe. Baten wurde allinne opnommen, foarsafier't se per balânsdatum as realisearre beskôge wurde kinne. Lêsten en risiko's dy't harren oarsprong hawwe foar de ein fan it boekjier, wurde yn de jierrekken ferwurke, as hja bekend binne op it momint fan opmeitsjen fan de jierrekken.

Baten

De baten wurde foarme út earmerke ryksbydragen fan it Ministearje fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip, dy't fia it provinsjefûns oan de Stifting Fryske Akademy trochbetelle wurde, bydrage fan de provinsje Fryslân, baten út private – en wittenskiplike fûnsen, opbringsten wurk foar treden, finansjele baten en oare baten.

Eksploitaasjesaldo út gewoane bedriuwsfiering

It eksploitaasjesaldo út gewoane bedriuwsfiering wurdt bepaald as it ferskil tusken de baten en lêsten oer it ferslaachjier, mei achtslaan fan de hjirfoar neamde wurdearringsgrûnslaggen.

TALJOCHTING OP IT KASSTREAMOERSJOCH

It kasstreamoersjoch is opsteld neffens de yndirekte metoade. De jildmiddels yn it kasstreamoersjoch besteane út de likide middels. Untfangsten en útjeften op grûn fan ynterest binne opnommen ûnder de kasstream út operasjonele aktiviteiten. Transaksjes dêr't gjin ynstream of útstream fan kasmiddels by plakfynt, binne net yn it kasstreamoersjoch opnommen.

WET NORMERING TOPYNKOMMENS

Gegevens 2025

Funksjonaris	Ijssennagger-vd Pluijm, N.L.	Leistra, S.Y.	Visser, A. Th.	Algra, K	Kleinhuis, W.K.	Don, J	Heegsma, R
Funksje	Bestjoerder	Tafersjochhâlder	Tafersjoch-hâlder	Tafersjoch- hâlder	Tafersjoch- hâlder	Tafersjoch- hâlder	Tafersjoch- hâlder
	Direkteur	Lid RfT/ foarsitter	Lid RfT	Lid RfT	Lid RfT	Lid RfT	Lid RfT
Yn tsjinst fanôf (datum)	15-3-2021	11-4-2017	11-4-2017	1-5-2025	1-7-2020	1-12-2021	1-4-2022
Djoer tsjinstferbân yn 2024	1/1 - 31/12	1/1 - 31/12	1/1 - 30/04	1/5 - 31/12	1/1 - 31/12	1/1 - 31/12	1/1 - 31/12
Omfang tsjinstferbân yn 2024 (yn fte)	1	nft	nft	nft	nft	nft	nft
Tsjinstbetrekking	Ja	Nee	Nee	Nee	Nee	Nee	Nee
yndividueel WNT maksimum 2025	246.000	36.900	8.088	16.512	24.600	24.600	24.600
Beleanning	137.663	8.994	1.936	4.017	5.996	5.996	5.996
Bestjoedersoansprakelijk- heidsfersekering		-	-	-	-	-	-
Beleanningen betelber op termyn	21.194	-	-	-	-	-	-
Subtotaal	158.856	8.994	1.936	4.017	5.996	5.996	5.996
-/- Onferskuldige betelling	-	-	-	-	-	-	-
Totaal besoldiging yn ramt fan de WNT	158.856	8.994	1.936	4.017	5.996	5.996	5.996

Gegevens 2024

Funksjonaris	Ijssennagger-vd Pluijm, N.L.	Bijlsma, M	Leistra, S.Y.	Visser, A. Th.	Kleinhuis, W.K.	Don, J	Heegsma, R
Funksje	Bestjoerder	wnd bestjoerder	Tafersjochhâlder	Tafersjoch- hâlder	Tafersjoch- hâlder	Tafersjoch- hâlder	Tafersjoch- hâlder
	Direkteur	Direkteur	Lid RfT/ foarsitter	Lid RfT	Lid RfT	Lid RfT	Lid RfT
Yn tsjinst fanôf (datum)	15-3-2021		11-4-2017	11-4-2017	1-7-2020	1-12-2021	1-4-2022
Djoer tsjinstferbân yn 2024	1/1 - 31/12	1-1 -31/1	1/1 - 31/12	1/1 - 31/12	1/1 - 31/12	1/1 - 31/12	1/1 - 31/12
Omfang tsjinstferbân yn 2024 (yn fte)	1	0,7368	nft	nft	nft	nft	nft
Tsjinstbetrekking	Ja	Ja	Nee	Nee	Nee	Nee	Nee
yndividueel WNT maksimum 2024	233.000	14.306	34.950	23.300	23.300	23.300	23.300
Beleanning	124.642	7.323	8.607	5.738	5.738	5.738	5.738
Bestjoedersoansprakelijk- heidsfersekering	1.089						
Beleanningen betelber op termyn	19.702	1.026	-	-	-	-	-
Subtotaal	145.433	8.348	8.607	5.738	5.738	5.738	5.738
-/- Onferskuldige betelling	-	-	-	-	-	-	-
Totaal besoldiging yn ramt fan de WNT	145.433	8.348	8.607	5.738	5.738	5.738	5.738

Der binne gjin funksjonarissen mei in tsjinstbetrekking dy't yn 2025 een beleanning boppe it yndividueel tapaslike drompelbedrach krigen hawwe.

OARE GEGEVENS

Kontroleferklearring fan ûnôfhinklik accountant



B. Ferklearring oer de yn it jierferslach opnommen oare ynformaasje

Neist de jierrekken en ús kontrôleferklearring dêrby, omfettet it jierferslach oare ynformaasje, dy't bestiet út:

- it bestjoersferslach; en
- de oare gegevens.

Op grûn fan ûndersteande wurksomheden binne wy fan miening dat de oare ynformaasje mei de jierrekken ferienichber is en gjin materiële ôfwikingen befettet.

Wy hawwe de oare ynformaasje lêzen en hawwe op basis fan ús kennis en ús begryp, ferkrigen fia de kontrôle of oars, neigien oft de oare ynformaasje materiële ôfwikingen befettet.

Mei ús wurksomheden hawwe wy foldien oan de easken yn de Nederlânske Standert 720. Dy wurksomheden hawwe net deselde djipgong as ús kontrôlewurksomheden by de jierrekken. It bestjoer is ferantwurdlik foar it opstellen fan de oare ynformaasje, mei dêrûnder it bestjoersferslach yn oerienstimming mei de yn Nederlân jildende RJ-Rjochtline 640 Organisaasjes-sûnder-winststribjen.

C. Beskriuwing fan ferantwurdlikheden oangeande de jierrekken

Ferantwurdlikheid fan de direkteur-bestjoerder foar de jierrekken

De direkteur-bestjoerder is ferantwurdlik foar it opmeitsjen en krekt werjaan fan de jierrekken yn oerienstimming mei de yn Nederlân jildende RJ-Rjochtline 640 Organisaasjes-sûnder-winststribjen en de bepalingen fan en út krêft fan de Wet normearring topynkommens (WNT). Yn dat ramt is de direkteur-bestjoerder ferantwurdlik foar in sadanige ynterne behearsking dy't de direkteur-bestjoerder needsaaklik achtet om it opmeitsjen fan de jierrekken mooglik te meitsjen sûnder ôfwikingen fan materieel belang as gefolch fan flaters of fraude.

By it opmeitsjen fan de jierrekken moat de direkteur-bestjoerder ôfwage oft de stifting yn steat is om syn wurksomheden yn kontinuïteit fuort te setten. Op grûn fan it neamde ferslachjouwingsstelsel moat de direkteur-bestjoerder de jierrekken opmeitsje op basis fan de kontinuïteitsferûnderstelling, of it moat wêze dat de direkteur-bestjoerder it foarnimmen hat om de organisaasje te likwidearjen of de aktiviteiten te beëinigen, of as beëiniging it iennige realistyske alternatyf is. De direkteur-bestjoerder moat foarfallen en omstannichheden wêrtroch't grutte twivel bestean kinne soe oft de stifting syn aktiviteiten yn kontinuïteit fuortsette kin, taljochtsje yn de jierrekken.

De Ried fan Tafersjoch is ferantwurdlik foar it útoefenjen fan tafersjoch op it proses fan finansjele ferslachjouwing fan de stifting.

Us ferantwurdlikheden foar de kontrôle fan de jierrekken

Us ferantwurdlikheid is it sadanich plannen en útfieren fan in kontrôle-opdracht dat wy dêrmei foldwaande en gaadlike kontrôleynformaasje ferkrije foar it oardiel dat wy ôfjaan moatte.

Us kontrôle is útfierd mei in hege, mar gjin absolute mjitte fan wissichheid, wêrtroch't it mooglik is dat wy by ús kontrôle net alle materiële flaters en fraude ûntdekke.

Ofwikingen kinne ûntstean as gefolch fan fraude of flaters en binne materieel wannear't ridlikerwize ferwachte wurde kin dat dy, ôfsûnderlik of mei-inoar, fan ynfloed wêze kinne op de ekonomyske besluten dy't brûkers op basis fan de jierrekken nimme. De materialiteit beynfloedet de aard, timing en omfang fan ús kontrôlewurksomheden en de evaluaasje fan it effekt fan ûnderkende ôfwikingen op ús oardiel.

Wy hawwe dizze akkountantskontrôle profesjoneel kritysk útfierd en hawwe wêr't dat relevant is profesjonele oardielsfoarming tapast yn oerienstimming mei de Nederlânske kontrôlestanderts, etyske foarskriften, de ûnôfhinklikheidseasken en it Kontrôleprotokol WNT. Us kontrôle bestie ûnder oaren út:

- It identifisearjen en ynskatten fan de risiko's dat de jierrekken ôfwikingen fan materieel belang befettet as gefolch fan flaters of fraude, it yn reaksje op dy risiko's bepalen en útfieren fan kontrôlewurksomheden en it ferkrijen fan kontrôleynformaasje dy't foldwaande en gaadlik is as basis foar ús oardiel. By fraude is it risiko dat in ôfwiking fan materieel belang net ûntdutsen wurdt grutter as by flaters. By fraude kin



- sprake wêze fan gearspanning, stikferfalsking, it opsetlik neilitten om transaksjes fêst te lizzen, it opsetlik ferkeard foarstellen fan saken of it trochbrekken fan de ynterne behearsking;
- it ferkrijen fan ynsjoch yn de ynterne behearsking dy't relevant is foar de kontrôle, mei as doel kontrôlewurksumheden te selektearjen dy't passend binne yn de omstannichheden. Dy wurksumheden hawwe net as doel om in oardiel út te spreken oer de effektiviteit fan de ynterne behearsking fan de entiteit;
 - it evaluearjen fan de gaadlikens fan de brûkte grûnslaggen foar finansjele ferslachjouwing en it evaluearjen fan de reedlikheid fan rûzingen troch it bestjoer en de taljochtingen dy't dêroer yn de jierrekken steane;
 - it fêststellen dat de troch it bestjoer hantearre kontinuïteitsferûnderstelling oannimlik is. Teffens it op basis fan de ferkrigen kontrôleynformaasje fêststellen oft der foarfallen en omstannichheden binne wêrtroch't grutte twivel bestean kinne soe oft de stifting syn aktiviteiten yn kontinuïteit fuortsette kin. As wy konkludearje dat der in ûnwissichheid fan materieel belang bestiet, binne wy ferplichte om oandacht yn ús kontrôleferklearring te fêstigjen op de relevante relatearre taljochtingen yn de jierrekken. As de taljochtingen ynadekwaat binne, moatte wy ús ferklearring oanpasse. Us konklúzjes binne basearre op de kontrôleynformaasje dy't ferkrigen is oant de datum fan ús kontrôleferklearring. Takomstige foarfallen of omstannichheden kinne der lykwols ta liede dat in organisaasje syn kontinuïteit net langer hanthavenje kin;
 - it evaluearjen fan de presintaasje, struktuer en ynhâld fan de jierrekken en de dêryn opnommen taljochtingen; en
 - it evaluearjen oft de jierrekken in krekt byld jout fan de ûnderlizzende transaksjes en foarfallen.

Wy kommunisearje mei de direkteur-bestjoerder en de Ried fan Tafersjoch ûnder oaren oer de plande draachwiidte en timing fan de kontrôle en oer de signifikante befiningen dy't út ús kontrôle nei foaren kommen binne, wêrûnder eventuele signifikante tekoartkommings yn de ynterne behearsking.

De Gordyk, 26 maaie 2026

VAN DER VEEN & KROMHOUT
Accountants & Adviseurs

w.t. drs. R. van Dijk RA